

Ensafh nr. 2 2018

Ynhâld

Redaksjoneel

Sipke de Schiffart

In melkko foar de toskedokter

Hedwig Terpstra

‘De ferkeap fan Fryske literatuer freget om mear profesjonaliteit.’

Geart Tigchelaar

Fryske Dan Brown?

Meindert Reitsma

De famylje dy’t gjin famylje wêze kin

Hedwig Terpstra

‘Persoanlike oandacht is it wichtichste yngrediïnt’

Peter Vermaat

Franciscus en Dada

John Bosma

stoarm belunet

Geart Tigchelaar

Reidsjonge

Carsten René Nielsen

Jierdei

Oaljefant

Postdo

Selsportret

Blokfluit

Margreet de Jong

Oaljefant

De foto’s op ’e siden binne makke troch Hedwig Terpstra

Redaksjoneel

Yn it redaksjoneel fan it foarige nûmer ha wy oankundige dat dit jier yn ien fan de nûmers it Fryske proaza tema wêze sil. Yn dat redaksjoneel stiet ek dit: ‘De Fryske poëzy stiet sûnt jier en dei better oanskreaun as it proaza. Mar dêr’t by proaza de ferkeapsifers as graadmjitter meitelle is dat by poëzy eins net it gefal.’ Yn oansluting op dit lêste kin steld wurde dat as it giet oer de ferkeapresultaten, ferkeapmooglikheden, om diagnoaze fan de situaasje fan de Fryske literatuer en útstellen ta ferbetteringen, it winliken giet om it proaza, om romans en berneboeken. In pear jier lyn al wer hat *Ensafh* de opdracht krigen om stikken te produsearjen oer de stân fan saken oangeande de Fryske literatuer, rjochte op benammen de ynfrastuktuer. Yn dit nûmer stean twa fan dy stikken. It giet om twa fraachpetearen dy’t Hedwig Terpstra hâlden hat, it iene mei Jitske Kingma fan útjouwerij Elikser en it oare mei in tal (meiwurkers fan) boekhannelers.

Yn dit nûmer aldergelokst ek wer nij proaza, dizze kear fan Sipke de Schiffart en dêrnêst besprekken fan twa nije hiel ferskillende romans: *Anna* fan Aggie van der Meer en *De trettjinde asega* fan Bremer & Hoekstra, dy’t tsjûgje fan it ferskaat dat oan Frysk proaza beskikber is.

Spesjaal is de bydrage fan Peter Vermaat (earder yn it Nederlânsk feskynd yn it blêd *Franciscaans Leven*, nr. 1, 2018). Troch de bân fan de Drachtster skuonmakkers Rinsema om 1920 hinne mei de doe avangardistyske keunstabeweging Dada bestiet yn Fryslân in spesjale belangstelling foar dy beweging, dy’t mei ferve libben hâlden wurdt troch Museum Dr8888 yn Drachten yn it eardere Franciscaner kleaster. Om dy reden is it artikel dat Vermaat skreau oer it ferbân dat lein wurde kin tusken Dada en de hillige Franciscus, in foar de Fryske lêzer faaks kurieus mar ek nijsgjirrich sydpaad.

Ensafh hat in namme op te hâlden wat it publisearjen fan poëzy-oersettingen oangiet. Dizze kear opfallende poëzy fan de Deen Carsten René Nielsen oerset troch Geart Tigchelaar, dy’t ek in gedicht fan eigen hân oan dit nûmer bydraacht.

Piter Boersma

